

Programma fan de dei

- 10.00 Iepening fan de dei yn 'e sportseal.
- 10.05 Sportseal
Mear as 30 standhâlders litte de hiele dei de histoarye sjen fan de Súdwesthoeke. Op it Smaakplein kinne jo âlderwetske hapkes priuwe.
- 10.05 Sportseal
Sjonge mei Janny Brandsma en Johan Keus. Letter op de dei noch in kear de kâns om û.i.f dit duo te sjongen.
- 10.15 Havenseal I
Presintaasje Ebel Koppen: De Skiednis fan Snits oan de hân fan argeologyske fynsten.
- 10.15 Havenseal II
Presintaasje Theo Kuipers: Pottjebier en de Registraasje fan Famyljenammen yn 1811.
- 10.30 Haven
Offeart pream foar in tochtsje oer it wetter om Wâldsein hinne. Oan board fertelt Mindert Wijnstra ferhalen-fan-doe.
- 11.00 Sportseal
Freak Smink: De ferteller fan de Fryske kanon wit noch in nijsgjirrich stikje skiednis oer de Súdwesthoeke te fertellen.
- 11.15 Havenseal I
Presintaasje Commissie Historie Antonius Ziekenhuis: De skiednis fan it Antonius Sikehûs yn Snits
- 11.15 Havenseal II
Presintaasje Sicco van Albada: Wâldseiner Skipfeart foar 1900.
- 11.30 Haven
Offeart pream foar in tochtsje oer it wetter om Wâldsein hinne. Oan board fertelt Mindert Wijnstra ferhalen-fan-doe.
- 12.00 Havenseal I
Presintaasje Otto Gielstra: De Ofslútdyk. Wêrom dy leit wêr't er leit en wêrom Boalsert en Snits der op tsjin wienen.

- 12.00 Havenseal II
Presintaasje Siem van der Woude: Wâldseiner skippers yn de Sonttolregisters.
- 13.15 Havenseal I
Presintaasje Theo Kuipers: Pottjebier en de Registraasje fan Famyljenammen yn 1811.
- 13.15 Havenseal II
Presintaasje Ebel Koppen: De Skiednis fan Snits oan de hân fan argeologyske fynsten.
- 13.30 Haven
Offeart pream foar in tochtsje oer it wetter om Wâldsein hinne. Oan board fertelt Mindert Wijnstra ferhalen-fan-doe.
- 14.00 Havenseal I
Presintaasje Sicco van Albada: Wâldseiner Skipfeart foar 1900.
- 14.00 Havenseal II
Presintaasje Commissie Historie Antonius Ziekenhuis: De skiednis fan it Antonius Sikehûs yn Snits.
- 14.15 Sportseal
Priisútrikking basisskoallen Wâldsein.
- 14.30 Haven
Offeart pream foar in tochtsje oer it wetter om Wâldsein hinne. Oan board fertelt Mindert Wijnstra ferhalen-fan-doe.
- 15.00 Haven
Eelke Lok feilt âlderwetsk fruit en griente.
- 15.15 Havenseal I
Presintaasje Siem van der Woude: Wâldseiner skippers yn de Sonttolregisters.
- 15.15 Havenseal II
Presintaasje Otto Gielstra: De Ofslútdyk. Wêrom dy leit wêr't er leit en wêrom Boalsert en Snits der op tsjin wienen.
- 16.00 Ofsluting fan de dei yn 'e sportseal.

Parkeare kin oan de Doniastrjitte, op it terrein by de iisbaan, by de Jachthaven, op de Waechswâl en by de Driuwpôle.

In machtich moaie dei!

Histoarysk Festival Súdwest



NSZF
Netwerk
Streekarchief
Zuidwest Fryslân

sneon 25 septimber 2010 – 10.00-16.00 oere
De Driuwpôle Wâldsein, Lynbaen 15
Tagong fergees

Sportseal

Tiden hawwe Tiden

Mear as tritich standhâlders litte yn de Sportseal sjen wat se yn 'e hûs hawwe op it mêd fan de histoarje fan de Súdwesthoeke. Fan autobus ta sikehûs, fan gemeente-argiven ta ark en reau, fan ferieningen oant museums, fan films en foto's oant skaalmodellen en dokuminten, fan digitalisearingsprojekten oant partikuliere kolleksjes.

Sportseal

Smaakplein - âlderwetske smaken priuwe

Priuwe fan wat de bakker en koks út Wâldsein klearmakke hawwe. Alderwetsk lekker smúzje fan hapkes dy't klearmakke binne mei moal fan mole 't Lam en fan histoaryske fruitrassen en grienten.

Sportseal en foarste romte Grutte seal

Muzyk mei publyk

Janny Brandsma en Johan Keus fan it Sintrum foar de Keunsten en Ritmyk yn Snits noegje jo út om mei harren lieten fan froeger te sjongen. Earst mei syn allen oefenje yn de Grutte Seal en dan útfiering foar publyk yn de Sportseal.

Sportseal

Freark Smink, ferteller fan de Fryske kanon

Om 11.00 oere makket Freark Smink syn entree. De ferteller fan de Fryske kanon hat noch in nijsgjirrich stikje skiednis oer de Súdwesthoeke te fertellen. Mei syn alpino op 'e holle en de paraplu yn 'e hân komt hy dat noch even fertellen oan de besikers fan it Histoaryske Festival.

Efterste romte Grutte seal

Publyk op de Kyk

Lit jo op de foto sette yn âlde klean, troch Merijn van Veen. Yn âlderwetske klean dy't beskikber steld binne troch Teater Snits.

De foto's wurde direkt yn kleur ôfprinte. Ien foto fan 10x15 sm. krije jo fergees mei. Wolle jo de foto yn in heechwaardige kwaliteit tastjoerd krije, dan binne de kosten € 5,-.

Alde doarpssintrum Wâldsein

Kuierje troch Wâldsein - tsjerken en molen binne iepen

De Stichting Historische Kring Woudsend hat in kuier troch Wâldsein gearstald. By de yngong fan de Driuwpoelle is in plattegrûn mei rûte-bescriuwing te krijen.

Op de rûte komme jo by de Karmeltsjerke en de Michaëlstsjerke del en by de molen 't Lam en De Jager. De tsjerken en de molen binne iepen en der binne gastfrouwen of gasthearen dy't besikers dêr graach oer fertelle wolle.

Haven

Korneliske Ykes II

De Korneliske Ykes II is een rekonstruksje fan in houten ielaak sa as dy froeger op Ingelân farde. Ferline jier is it skip yn Heech te wetter litten en op 25 septimber is it yn Wâldsein te besjen. Mei iepen bannen farden skipper en bemanning mei ielaken sa as de Korneliske Ykes II út Fryslân wei nei London om dêr iel te ferkeapjen dy't hjir fongen wie. Ielaken wiene yn gebrûk fan de 17de oant it begjin fan de 20ste ieu.

Haven

Farre mei in pream wylst Mindert Wijnstra fertelt

Stap oan board fan de Wâldseiner pream fan Sigrid Boersma om in tochtsje te meitsjen oer it wetter om Wâldsein hinne. Op it wetter fertelt Mindert Wijnstra ferhalen-fan-doe. De tochten begjinne om 10.30, 11.30, 13.30 en 14.40 oere.

Haven

It skûtsje fan Wâldsein

Yn haven 'De Rakken' lit de famylje Van der Meulen it Wâldseiner skûtsje sjen. Boud yn 1912, sylt it noch elk jier mei yn it SKS skûtsjesilen. Op it Histoarysk Festival kinne jo it skûtsje fan tichtby besjen.

Haven

Eelke Lok oer skiednis fan it skûtsje

Bemanningslid Eelke Lok, bekend fan Omrop Fryslân, fertelt oer de skiednis fan it Wâldseiner skûtsje.

Haven

Feiling âlderwetske griente en fruit

Boppedat treedt Eelke Lok om 15.00 oere op as feilingmaster by de ferkeap fan âlderwetske griente en fruit.

It Histoarysk Festival Súdwest is in inisjatyf fan Netwerk Streekarchief Zuidwest Fryslân en wurdt mei mooglik makke troch stipe fan de provinsje Fryslân en de Stichting Woudsend Anno 1816.